

Moard yn tsjerke


Kolofon

ISBN: 978 94 6365 398 5
1e printinge 2021
© 2021, Meindert Bylsma

Utjouwerij Elikser
Ossekop 4
8911 LE Ljouwert
Til: 058 - 289 48 57
www.elikser.nl

Vormgeving omslag: Hieke Bylsma
Foarmjouwing binnenwurk: Evelien Veenstra

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Moard yn tsjerke

Meindert Bylsma



1.

Under de toer fan 'e tsjerke, it eardere hûnegat, skarrelet de koster om. Hy set in kanne mei kofje, in doaze mei sûkerklûntsjes, in fleske mei kofjemolke, wat kopkes en pantsjes en in faaske mei leppeltsjes op in blêd. It hûnegat is in keukentsje wurden. Mar de sfear is noch altyd wol wat hûnegatterich mei de grouwe keale muorren fan grutte kleastermoppen en mei de tsjokke bûtendoar, makke fan iuwenâld trijetoms ekenhout, nochris ekstra fersterke mei mear as hûndert izeren pinnen. Oan 'e ûnderkant fan dy doar sit noch altyd in swiere kearbalke, mei de úteinen ferankere yn 'e muorre. En ek noch altyd sit der in izeren ring yn 'e muorre dêr 't gaudieven, swabbers, omstippers en oar rosmos eartiids mei in ketting oan fêstset waarden as se net om lyk woenen. Dêr siet sa'nien dan, poerallinnich yn 't tsjuster, yn 'e kjeld en yn 'e stilte, want fan bûten koe gjin inkeld lûd troch de tsjokke doar en de tsjokke muorren nei binnen kringe. Ek no noch net.

As de koster alles berêden hat en net mear drokdoggerich omavensearret, is it dan ek eefkes stil. Inkeld it oerwurk fan 'e toersklok op 'e souder boppe it keukentsje, is noch te hearren. Dat hat it in amerijke foar it sizzen mei in stadige, evenredige, swiere tak-tok, tak-tok. De hertslach fan 'e tiid, tinkt de koster in kromke filosofysk. Hy sjocht op syn horloazje.

'Bliksems,' seit er heallûd tsjin himsels, 'ik moat opsjitte, aanst komme de lju my noch oer 't mad.'

It blêd mei de kofjeboel bringt er nei it koar efter yn 'e tsjerke.

Doe't dizze tsjerke lang lyn noch in Roomske tsjerke wie,

stie hjir yn it koar it alter. No stean der in stikmannich tafels en stuollen, opsteld yn in karreefoarm. De koster set it blêd op ien fan 'e tafels del. Op in taffeltsje tsjin 'e muorre hat er in skoftke earder al in doaze mei stikjes oranjekoeke en in pear flessen reade wyn klearset. Ek in krat bier hat er nei binnen tôge. Dat stiet ûnder it taffeltsje. Alles wurdt, sa't liket, ree makke foar in feestlike gearkomste.

As de koster begjint te rommeljen mei de kopkes en pantsjes, komme de earste feestgearkommers der yn. Se bliuwe eefkes by de doar stean en litte de tsjerke op har ynwurkje. Benammen it ynterieur hat har niget. Dat is al moai âld. Sa 't it eartiids makke is, sa is it no noch. Yn 'e rin fan 'e tiid is der omtrint neat oan feroare. Hjir en dêr in bytsje restaurearre dat is alles. In boerd by de preekstoel jout it boujier fan it ynterieur priis.

“Door het wijs beleid van
Den Wel Edelen mogenden
Heer Jr. Tiaerd van Aylva
Grietman van Wonseradeel
Is deze kerck geheel van Benen
vernieuwt. Anno 1695.”

Yn 'e Frânske tiid, doe't Napoleon hjir baas wie, is Tiaerd van Aylva syn titel der mei in bitend soer ôfhelle. “Vrijheid, Gelijkheid en Broederschap” wienen doe de biedwurden. Noch net iens sa lang lyn is dy titel der mei goudferve wer by set, mar de eardere skansearring is noch altyd wol te sjen.

Yn in soad tsjerken is yn 'e rin fan 'e tiid, om romte te kreëarjen, nochal wat ôfbrutsen. Mar hjir net. Hjir is alles noch yn 'e styl fan mear as trijehûndert jier lyn: de lambrisearringen, de preekstoel mei rûnom panielen

mei houtfiken fan ferhalen út 'e bibel, it doophek om 'e preekstoel, it koarhek tusken koar en skip, bekroane troch in boerd mei de tsien geboaden yn gouden letters en de hearebank op it meast prominente plak yn 'e tsjerke, rjocht foar de preekstoel oer. De hearebank is fersierd mei de wapens fan twa famyljes fan boere-adel: dy fan "Van Tiara" en fan "Heemstra". Njonken de hearebank, wat minder prominint, ferskil moast der bliuwe, de manljusbanken dy't, trepsgewiis as yn in teater, omheech rinne. En njonken de preekstoel, noch mear ferskil dat der bliuwe moast, de frouljusbanken mei iepen efterkanten sadat de froulju fan doe dêr har lange wide rokken yn kwyt koenen. Guon sydkanten fan 'e frouljusbanken, de wangen, binne fersierd mei blommotiven. Soms stean der ek letters op. De inisjalen fan rike skevels fansels, want net elkenien koe syn letters dêr samar yn fykje litte! Dêr moast foar betelle wurde. De sponsoaren fan dy tiid! En it hiele ynterieur bylket noch altyd yn 'e djipbrune ikehouten gloarje fan mear as trijehûndert jier lyn! Hjir waret skiednis om. Wa't dêr gefoelich foar is snipt der wat fan mei.

Fansels binne ek yn dizze tsjerke rike stjonkerts begroeven. Se stjonke net mear, mar se litte har noch wol jilde mei har grutte grêfstiennen yn it gongpaad. Moai úthoude letters fertelle wa't der ûnder leit. Wapens dy't der alearen ek op stien ha, binne yn 'e Frânske tiid, krekt as de titel fan Tiaerd van Aylva, ûnwerkenber skeind of hielendal fuortkapt.

It rint op dy stiennen wol wat bonkebrekkerich, benammen foar froulju op nudlehakken. Mar de froulju fan doe sille wol net op sokke hegehakkeskuon rûn ha.

Tusken preekstoel en hearebank, ûnder in mânske stien yn it gongpaad, ôfsletten mei in swier lûk, is in grêfkelder.

De gearkomste dy't hjir hâlden wurde sil, hat mei dy grêfkelder en ek mei it ynterieur te krijen. Yn 'e kelder lizze trije bonkerakken. Ien dêrfan, in Yda, wie yn 'e foarbonkerakkige tiid, in rike frou fan boere-adel. Sy hat it ynterieur oan 'e tsjerke skonken. De Grytman fan dy tiid, de al earder neamde Tiaerd van Aylva, hat se frege om as opsichter de bouwerij mei "wijs beleid" sa't op it boerd by de preekstoel stiet, te begelieden.

Yda woe, dat hat se yn har testamint fêstlein, yn 'e grêfkelder byset wurde, by har beppe en har mem:

“Also't de Mensch eenmaal gesett is te sterven,
soo hebbe ick gemaect dit Mijne testament,
uiterste en laatste wille: de Aardsche begraffnisse
fan mijn lighaem in de Kerkcke in de Kelder
bij mijn Grootmoeder en Moeder, bevelende tot
den Glorieúsen dagh en de opstandinge aller
Gelovigen, omme dan om de dierbaere verdiensten
JESUS CHRISTI in eeúwige Heerlijkheijt opgenomen
te worden.”

Dy “Glorieúsen dagh” is blykber noch net oanbrutsen, want se leit der noch altyd. En salang as se der leit moat de tsjerkfâdj der op ta sjen dat grêfkelder en ynterieur goed ûnderhouden wurde. Dat hoecht net om 'e nocht, se krije der foar betelle. Ek dat stiet beskreaun:

“Jaerlijcks de Soa van Veertich vergulde Caroli guldens
en die sullen tot allen tijden gehouden sijn omme en
gezaamelijk te onderhouden mijn Kelder en legersteden
in derselve Kerkcke, ytem de twee gestoelten in de
kercke aldaar, midsgaders ook de Wapenen en

Blesoens alle te laten hangen totdat deselve
sijn vergangen bij vervall van dit jaarlijkxe legaet.”

Alle oare besittingen lit Yda nei oan it weeshûs fan Frjentsjer. De fâlden fan it Frjentsjerter weeshûs moatte as tsjinprestaasje alle jierren op ynspeksje om fêst te stellen oft alles noch wol yn 'e es is. Pas dan kin de “Soa van Veertich vergulde Caroli guldens” útbetelle wurde:

“...dat Sij Voogden alle jaaren inspectie zullen nemen, off de Kelder, Legersteden en Gestoelten in de kercke volgens mijn begeerte hier voren gespecificeert door de Kerkvoogden wel worden onderhouden, voor dat sij het jaarlijks Legaat tot Veertig Caroli Guldens aan haar kome uit te keren, de wijle ik het haar onder die Conditie hebbe gemaect en niet anders...”

Oan 'e noardmuorre hinget in skilderij fan Ybella van Heemstra, de mem fan Yda. Se is yn 't swart-wyt: in wite kap op 'e holle, in wite kraach om 'e hals, wite boarden oan 'e mouwseinen en fierders hielendal yn it swart. “Actatis Sue 19 1636” stiet der op. Doe't se posearre foar it skilderij wie se dus noch mar njoggentjin jier. Se liket yn dy tryste krakkelearre klean wol tritich of noch âlder. Ek al hat se wol in moai symmetrysk kopke, mei dat sunige smellippige tichtknypte mûltsje hat se neat fan in fleurige jongfaam. Wêrom laket se net?

Se troude mei Johannes van Tiara. Yda wie dus in dochter fan Johannes van Tiara en Ybella van Heemstra. Yda hat sels net trouw west en hold dus de namme Van Tiara.

It weeshûs fan Frjentsjer dêr't Yda it measte fan har

besittingen oan neilitten hat, is al lang gjin weeshûs mear en der wurde dan ek al lang gjin wezen mear ûnderbrocht, mar de neilittenskip bestiet noch wol en smyt noch altyd jild op. De stichting dy't de neilittenskip beheart, jout it jild no út oan maatskiplike doelen. De testamintêre ferplichtings, lykas de jierlikse ynspeksje, wurde noch altyd trou neikommen. In hiel âlde tradysje dus: sûnt 1695 hawwe de fâlden fan it Frjentsjerter weeshûs alle jierren de grêfkelder en it ynterieur ynspekterre. En dat stiet ek no wer op priemmen.

De “Soa van Veertich vergulde Caroli guldens” sil yn 'e rin fan 'e tiid wol net alle jierren yndeksearre wêze, want dan soenen de fâlden fan it weeshûs al lang fâlden fan in earmhûs west ha, mar der wurdt by de jierlikse ynspeksje, as fêststeld is dat “de Kelder, Legersteden en Gestoelten in de kercke wel onderhouden” binne, noch altyd in jildbedrach oan 'e tsjerkfâden oerlange foar it ûnderhâld fan 'e tsjerke.

Fan dy jierlikse ynspeksje wurdt hjoed de dei altyd in lyts feestlik barren makke. En dêrmei binne de stikjes oranjekoeke, de flessen wyn op it taffeltsje en it krat bier derûnder, ferklearre.

De gearkomste is omtrint foltallich. Ien man moat noch komme, de skriuwer fan it weeshûsbestjoer. Besletten wurdt om, salang as dy der noch net is, alfêst mar in bakje te nimmen. Wilens kin de koster it lûk fan 'e grêfkelder wol iepenmeitsje, sadat de ynspeksje begjinne kin sadree't de letkommer der is.

It is mar goed dat it hjir no in protestantske tsjerke is en net mear in roomske, want Jezus wie grif fan syn krús fallen by de yslieke gjalp dy 't de koster útstjit as er it lûk iepen lûkt.

Mei in almachtige adrenalinestjit oan kjellens en in like grutte stoat ôfgriis âlet er ûnearbiedich: ‘Godallemachtich Jezus Kristus!’

In pear leden fan 'e gearkomste ferslokke har omtrint

yn in swolchje kofje. De oare leden sjitte oerein, fleane nei it lûk en sjogge wêr't de koster sa oerstjoer fan wurden is. Underoan 'e trep nei de kelder leit in man. Se hoege net te rieden wa't it is. Dat sjogge se fuortdaliks wol. It is de skriuwer fan it weeshûsbestjoer. En se sjogge fuortdaliks ek wol dat de skriuwer noait wer skriuwe sil.

2.

It is freedtejûn. Resjersjeur Liuwe Bekkema hat mei de frou in streksum miel bamy behimmele. Net fan 'e Sinees, mar troch frou Bekkema sels klearmakke mei stikjes bargefleis, soppich makke yn in marinade fan ketjap, gember, knyfloek, wat sâlt en wat piper. Alles neffens resept frou Bekkema. En fierders hat se de bamy noch in bytsje belekkerbekke mei in pear stokjes satéfleis yn eigenmakke apenútsjesmoar, wat Atjar Tjampoer, in pear plakjes ham, in bakt skarrelaie en wat kroepoek. Bekkema hat der in Belgysk bierke by dronken, "La Trappe", in trippeltsje, en frou Bekkema in gleske reade wyn. Tegearre ha se de tafel ôfrotte.

'Moat ik dy ek helpe Wytke mei it skútelwaskjen?' freget Bekkema.

'Hoecht net Liuwe, it measte kin wol yn 'e ôfwaskmasine. Jou do dy no mar moai eefkes del. Do hast in swiere wike hân.'

'No swier, wat âlde saken ôfhannele en wat efterstallige rapporten yn 'e kompjûter huft, in soad efter it skerm sitten sis mar. Mar om dat no swier te neamen.'

Ek al besiket er it wurk altyd safolle mooglik op it wurk te litten en fertelt er thús noait net safolle, frou Bekkema ken har man goed genôch om te witten dat burowurk en benammen kompjûterwurk, no net fuortdaliks syn grutste hobby is.

Doe't kompjûters har yntree dienen by de plysje, wie der by Bekkema it alderjongste al ôf. En dy dingen ûntwikkelen har yn sa'n tempo dat hy it gauris net sa gau mear neikomme koe. Hy hat wol byleard yn 'e rin fan 'e tiid, mar hy hat altyd wat in hate-leafde ferhâlding hân mei

kompjûters. Mar de leafde wint hieltyd mear terrein. Hy kin der soms sels as in fereale feintsje oerhinne streakje as der wer ris wat nijsgjirrige en gauris ek tiidbesparjende berjochten út rôlje.

‘Ik ha kofje set,’ ropt frou Bekkema út ’e keuken wei, ‘en witst wat, wy nimme der in likeurke by. Wat seist fan in drambuietsje?’

Bekkema sakket noflik ûnderút yn syn loaie stoel.

‘Is der wat op ’e t.v.?’ freget er as de frou der mei de kofje en de Drambuie ynkomt.

‘Ik ha neat heard fan in steuring of in staking, dat der sil grif wol wat op wêze.’

‘Tsjonge jonge wat binne wy wer skrande.’

Bekkema pakt de VPRO gids. Foar ’t er dy iepenslacht, nimt er in swolchje fan syn kofje en dan in swolchje Drambuie der efteroan. Dat slokt er net fuortdaliks troch, dat lit er earst eefkes yn ’e mûle omrôle.

‘Lekker, sa’n likeurke, sa’n drambuietsje.’

‘Hast wol yn ’e gaten Liuwe datst no twa kear in ferlytsingswurd brûkt hast?’ laket frou Bekkema, ‘dat is ús as minsken blykber eigen. Doe’t wy noch smookten, stutsen wy gjin sigaret op, mar in sigaretsje en do op sneintemoarn in sigaarke. Alles wat eins net goed is, triuwe wy, faaks wol om in wat dizich skuldgefoel te ferkringen, om it goed te praten en wat minder slim lykje te litten, yn in ferlytsingsfoarm: in pilske, in wyntsje, in kroketsje, in frikandeltsje, in patatsje, in bonbontsje by de tee en in tompoeske fan ’e Hema by de kofje. Mar de hapkes binne gauris happen en de drankjes gauris glêzenfol tefolle. Hoechst allinnich mar nei dysels te sjen: as it der op oan komt bisto ien fan: ien pilske is gjin pils, twa pilskes is in heale pils en trije pilskes is pas in echte pils.’

‘Sa kin ’t wol wer,’ laket Bekkema in bytsje sunich en lit noch mar in swolchje Drambuie oer de tonge rôlje.

Mar frou Bekkema is net mear te hâlden.

‘En dan binne der ek noch fan dy oelewappers dy’t de oanslach op ’e natoer yn in ferlytsing frommelje.

“Dy pear michjes,” sizze sokken, “dy pear hommeltsjes, dy pear bijkes, dy pear flinterkes, it soe wat! Der bliuwt noch genôch fan dat wrimelguod oer. In pear blomkes en in pear krûdsjes minder yn ’e greide, in pear fûgeltsjes minder yn ’e loft, in pear fiskjes minder yn ’e see? No en! En dat it wetter fan ’e see in meterke heger komt? Wat kin ’t skele! Dan meitsje wy gewoan de diken ek in meterke heger. Boeren moatte buorkje, fiskers fiskje en bouwers moatte bouwe. In pear CO2-tsjes tefolle? Kom no!” ’

En krekt sil Bekkema sizze: ‘Do begjinst op myn kollega Lukas Roosjen te lykjen, dy hat sa no en dan ek fan dy, lit ik it foarsichtich sizze, aparte opstigings,’ en krekt sil frou Bekkema har opstiging ôfmeitsje mei: ‘Hast soe ik ek noch sein ha: in pear minskjes minder, dat kin ek gjin kwea, want der is eins al fierstentefolle fan dat de-wrâld-nei-de-ferdommenis-helpende-folkje op ’e wrâld,’ of dêr giet de telefoan.

‘Nee wol!’ ropt frou Bekkema.

‘Ja wol,’ grommelet Bekkema as er eefkes letter de telefoan delleit, ‘ik moat oan ’t wurk, dêr giet ús freedtejûn.’

Frou Bekkema freget mar net wêrom. Se wit dat se dêr dochs gjin antwurd op kriget. Teminsten no noch net. Bekkema skillet kollega Roosjen op. Dy moat him mei de auto ophelje.

‘Wat is der te rêden?’ freget Roosjen.

‘Fertel ik dy aanst wol yn ’e auto.’

3.

Brigadier-resjersjeur Liuwe Bekkema en haadplysje-resjersjeur Lukas Roosjen wurkje al jierren gear. En ek al binne se folslein ferskillend fan aard, jouwe se inoar gauris in stek ûnder wetter en moat Bekkema Roosjen regelmjittich by de les lûke, se kenne as de blommen. Op it buro wurde se dan ek “De Blomkes” neamd.

‘No, sis it mar,’ seit Roosjen as Bekkema ynstapt is, ‘wat is der te rêden.’

‘Ik waard niis opskille. De meldkeamer!

“Moard,” waard der sein, “nei alle gedachten moard, yn in tsjerke.”

Se ha der in patrûljeauto mei twa man hinne stjoerd. Dy hawwe de boel besjoen en it hiele sirkus yn wurking set: GGD warskôge om in dokter, Technyske Resjerzje der hinne stjoerd en my skille. En doe moast ik dyn freedtejûn ferpeste. Mines wie dat al. Wy sieten krekt oan ’e kofje mei in drambuietsje.’

‘Tsjonge jonge, in drambuietsje. Samar op in gewoane freedtejûn. It koe wer net op dêr by jim. No ja, dat sil it ferskil wol wêze tusken in brigadier en in haadplysje. By ús wie it in slobberwyntsje fan Albert.’

‘Albert?’

‘Albert Heijn, kinst dy net?’

Bekkema kin der net om laitsje. Lykas altyd rydt Roosjen. It is in tsjinstauto, mar dy is fan bûten net as in plysje-auto te werkennen.

‘Moard,’ pakt Bekkema it petear wer op as se fuortride, ‘yn in tsjerke nota bene.’

‘Fynst dat frjemd?’ reagearret Roosjen, ‘it soe net de earste kear wêze.’

‘Hoe bedoelst.’

‘Ik bedoel dat der wol faker ien yn in tsjerke fermoarde wurdt.’

‘Asto dêrmei doelst op godstsjinstfanaten dy’t út namme fan de iene of oare God yn in tsjerke of in moskee mei galasjnikovs om har hinne begjinne te meanen, of harsels mei in bomgordel opblaze yn ’e hope dêr tagelyk safolle mooglik ferkeardleauwers mei de hel yn te blazen, kin ik it wol mei dy lykfine. Mar sûnder dat der godstsjinstfanatisme yn ’t spul is, komt in moard yn tsjerke net sa faak foar. Fan âlds wienen it frijplakken, dêr’t minsken feilich wienen.’

‘O ja? No, sa feilich wie dat net. Yn ’e Tachtichjierrige Oarloch bygelyks, om krekt te wêzen yn 1586, luts in leger fan trijetûzen Spaanske soldaten en sânhûndert ruters út Grins wei Fryslân yn om de Friezen der ûnder te krijen. Dat koe omdat it frear dat it kreake en omdat de steedhâlder fan Fryslân, Willem Loadewyk, nei Seelân ta wie om Maurits, de opfolger fan Willem fan Oranje dy’t yn 1584 fermoarde wie, yn te heljen. De wegen wienen troch de froast dus goed begeanber. Ek de marren leinen ticht en foarmen sa gjin barriêre. Plonderjend, moardzjend en ferkrêftsjend lutsen de Spanjerts troch Fryslân. Yn Winsum flechten froulju en bern de tsjerke yn. Dy waard troch de Spanjerts yn ’e brân stutsen. Elkenien dea.’

‘Lukas, Lukas, hoe witsto dat allegearre. Dêr haw ik noch noait fan heard.’

‘Wy hienen op ’e legere skoalle in master dy’t allemachtich moai fertelle koe oer de skiednis, benammen ek oer dy fan Fryslân.’

Bekkema lit Roosjen mar prate. Meastal jout er him dy tiid net en like faak lit Roosjen him dy tiid net ôfnimme, mar as se mei in saak dwaande binne is Bekkema syn devys:

de kop derby, by de saak bliuwe, gjin omballingen. Mar dat kin no net, se witte fan de nije saak omtrint noch neat.

Eefkes is it stil, beide yn tinzen. Roosjen nostalgysk, Bekkema in kromke jaloersk. Hy ferbrekt as earste de stilte.

‘Sa’n master haw ik spitigernôch noait hân, mar do hast my nijsgjirrich makke. Hoe rûn dat ôf mei dy Spanjerts hjir yn Fryslân? Ha se noch mear rottichheid úthelle?’

‘Dat sil ik dy fertelle. Willem Loadewyk, ús eigen steedhâlder, besocht doe’t er berjocht krige fan de ynfal, sa gau mooglik werom te kommen om hjir oarder op saken te stellen en de striid tsjin ’e Spanjerts te organisearjen. Mar fan Starum nei Ljouwert reizgje koe net, dan soe er yn ’e fâle rinne. It Spaanske leger lei tusken dy beide stêden yn. Lokkich waard it teiwaar. It Spaanske leger luts him werom. By Boksum stjitten se op in lyts beropslegerke dat yn tsjinst wie fan de Fryske Steaten. It kaam ta in fjildslach. Dy soe letter de skiednis yngean as “De slach by Boksum”. It wie gjin partoer. It Fryske leger waard ôfslachte. Mear as fiifhûndert deaden, foar it grutste part oan ’e Fryske kant.’

‘Moai ferhaal, no ja moai, mar no’t wy it dochs oer moard yn tsjerken ha, sjit my ek wat yn ’t sin. Wy wienen lêsten yn Tilburg, de frou en ik. Yn it sintrum dêr stiet in monumintsje foar in famke fan alve jier, dat hûndert jier earder fermoarde is. Wy stean dêr op in stuit nei te sjen. In âlde man sjocht dat en hy fertelt ús it ferhaal fan dat famke. Marietje Wessels hiet se. Har lichem waard fûn yn it ferwulft fan in Roomske tsjerke. Der wienen spoaren fan ferkrêfting. In stikmannich fertochten kamen foar dy moard yn oanmerking. Dy binne lykwols allegearre frijsprutsen. Der waard ek grute dat de pastoar de dieder wie, mar dat is noait ûndersocht. Yn dy tiid die men dat net gau, in geastlike foar de rjochter slepe. Moard en ferkrêfting waard net ferwachte fan in geastlike.

Dêr wurdt hjoed de dei justjes oars oer tocht. De Roomske tsjerke hat in soad bûter op it dak. It rint bytiden by de laaien del. Oer dy saak is letter wol in soad skreaun. Yn guon fan dy publikaasjes wurdt de pastoar ek wol oanwiisd as de dieder.

Yn 't earstoan woe de famylje fan Marietje wol in oanklacht tsjin 'e pastoar yntsjinje. It skynt dat hege tsjerkemitters, der wurdt sels praat fan fertsjintwurdigers fan 'e paus, de famylje fan Marietje ûnder druk set ha om dat net te dwaan. De hiele katolike tsjerke soe mei sa'n oanklacht yn opspraak reitsje en dat koe dochs net de wil fan 'e famylje wêze. Sa gong dat yn dy tiid. Se ha de heit fan Marietje sels noch min ofte mear sjantearre. Hy wie eigener fan "De Koninklijke Nederlandsche Fabriek van Muziekinstrumenten." By in oanklacht, waard him te ferstean jûn, wie de kâns grut dat er de klandyzje ferlieze soe fan alle Katolike fanfarekorpsen yn Súd-Nederlân en België. Sa waard de wierheid ûnder it kleed fage, yn dit gefal ûnder it alter en Marietje waard opoffere oan tsjerklik en jildlik belang.'

Al pratend oer moard en deaslach yn tsjerken, binne de resjersjeurs by har eigen moardtsjerke oankaam. It begjint al wat tsjuster te wurden. Yn 'e tsjerke brânt al ljocht. Ien fan 'e kollega's fan 'e patrûljetsjinst stiet by de doar op wacht. Dy moat nijsgjirrigen opkeare. De oare sil de boel binnenyn wol oan it regeljen wêze. Har patrûljeauto stiet prominint parkearre njonken it stek by de yngong fan it hôf. Dêr is wat folk op ôfkommen yn 'e hope wat op te fangen.

Roosjen hat de auto in eintsje fierder delset. It lêste stikje ha se rûn. Ek al binne se yn in gewoane auto en net yn unifoarm, de lju ha fuortdaliks wol yn 'e gaten dat se fan 'e plysje binne.

'Is der wat bard yn tsjerke?' freget ien fan har.

'Dat sille wy no krekt útsykje,' bromt Bekkema.

‘Mar jim witte dochts wol wat.’

‘Nee dat witte wy net.’

In bytsje kiezzich faaks oer de ferlerne freedtejûn, hie er der hast efteroan sein: ‘En sels al soenen wy wat witte dan noch soenen wy dat jim net oan ’e nijsgjirrige driпноazen hingje.’

Krekt op tiid, betinkter him. Under alle omstannichheden fatsoenlik bliuwe, dat smyt altyd mear op as de lju ôfsnauwe. Mei huning fange jo mear miggen as mei jittik. Dat hat er lang lyn al leard op ’e plysjeskoalle.

Om fierdere fragen foar te wêzen, rinne se gau troch it grutte yngongsstek. Tusken de omgong en it hôf is noch in stek, in draaistek. Bekkema sil dêr gau trochhinne draaie. Mar ynienen is it ho! It stek heakket en hy botst der mei it ûnderliif tsjinoan.

‘Au, godfer...’ sil er roppe. Krekt op tiid hâldt er him yn. Net flokke op it tsjerkhôf. It bliuwt by: ‘Au god...!’ En dêr kin gjinien wat op tsjin ha.

‘Hiest witte kinnen,’ laket Roosjen.

‘Wat!’

‘Dat sa’n stek net rjochtsom, mar linksom draait. It is in kjiirrewjirre. Noait fan heard? No dan sil ik dy...’

‘Hâld dyn wiisheden no mar eefkes by dy. Wy ha no wol wat oars te dwaan.’

Bekkema is wer de plysjeman. Gjini omballingen mear! Hy wriiwt eefkes mei de hân oer de búk, draait dan linksom troch de kjiirrewjirre en stifelet mei grutte stappen nei de tsjerke. Roosjen draaft der efteroan. By de tsjerkedoar hâldt de kollega fan ’e patrûljetsjinst de doar foar har iepen.

‘Net kjel wurde,’ seit er, ‘it wiist mâl dêr binnen.’

‘Wy binne wol wat wend,’ grommelje de mannen.

It earste dat se sjogge as se de tsjerke ynkomme, is in

iepensteand lûk yn it gongpaad. Der stean wat stuollen omhinne en dêr omhinne is in read-wyt lint spand. Under it lûk is in grêfkelder. De oare kollega fan 'e patrûljetsjinst stiet der by en bringt har op 'e hichte.

'De dokter hat al west. Dy wie gau klear. Der foel neat mear te dokterjen. Neffens him wie it slachtoffer op syn minst al tweintich oeren dea.'

De resjersjeurs dûke ûnder it lint troch. Op 'e râne fan 'e grêfkelder bliuwe se stean. It wiist yndied mâl. Yn 'e kelder leit in man yn net te min bestjurre bloed. Twa man fan 'e TR binne al drok dwaande mei it feilichstellen fan alle spoaren.

'Kin it net gewoan in ûngelok west ha?' freget Bekkema.

'Hy hat in fikse klap op 'e efterholle hân,' antwurdet ien fan 'e TR-mannen, 'en dat kin er net sels dien ha.'

'Witst wat,' seit Bekkema tsjin Roosjen, 'wy kinne better earst mar in praatsje meitsje mei dy lju dêr efter yn 'e tsjerke, wy rinne hjir allinnich mar yn 't paad.'

Yn it koar hinget in doffe sfear. Guon fan 'e minsken dêr sjogge wat tryst foar har út, oaren prate mei dimpte stimmen. De resjersjeurs stelle har foar en fûstkje mei elkenien. It is krekt as fiele de minsken har wat ferromme mei de komst fan 'e resjersjeurs, as wurdt de sfear wat minder swier. Sa fan: "No moatte sy der fierders mar mei rêde", sokssawat.

Eefkes is it stil. Bekkema syn eagen fleane fan 'e kopkes kofje nei de flessen wyn, fan it krat bier nei de doaze mei de stikjes oranjekoeko.

'Ik sil it jo útlizze,' seit ien fan de mannen dy't him by it fûstkjen foarsteld hat as Elgersma, foarsitter fan 'e "Stichting Beheer Goederen Weeshuis Franeker", 'it sit sa: wy binne hjir op ynspeksje. Wy moatte alle jierren besjen oft de grêfkelder, de hearebank en de rest fan it ynterieur yn dizze tsjerke wol goed ûnderhouden is. Dêr binne wy testamintêr